



De Doarpskille

Maart 160 Nûmer 2/ 2013
Trijentritichste Jiergong

Redaksje:

Baudy Cuperus-Sijtsma
Grienewei 34
Tel. 242048
baudycuperus@knid.nl

Dieta Holwerda
(Lay-out)
Langgrousterwei 12
Tel. 242212
dieta@knid.nl

Pieter Hoogland
De Lyts Ein 37
Tel. 241284
info@hooglandverhuur.nl

Tineke Slager-Groenewoud
(Administraasje)
De Lyts Ein 2
Tel. 242020
doarpskille@hotmail.com

Anneke Weidenaar-
Bergema
(Boargerlike Stân)
Langgrousterwei 23
Tel. 242148
anneke.weidenaar@gmail.com

Sytze Wiersma
Mounewei 8
Tel. 241783
wiersmagsm@knid.nl

Bank: Rabobank
Rek.nr.: 3461.40.293

Yn dizze skille û.o.:

Ferslach fan: It Sjoelkampioenskip
Darten Easternijtsjerk
UDI, De Bernejister,
Winterútfiering SSS
Ledenvergadering Doarpsbelang
Op 'e kofje by..... Reinder Tolsma
Hoe is it no meiJuf Els Sinia
Bedrijf in Beeld.....Thomas Eyck t.e.
In foto út it argyf.....Doarpsomropper
In ferhaal "Sparje" en fêste rubriken sa as
in puzel, de paadwizer en boargelike stan.

Fan 'e redaksje

Wat giet de tiid fluch, ik ha it gefoel dat de earste skille noch mar krekt de doar út is, en no leit de twadde doarpskille fan 2013 alwer foar jim. Nr. 160. No't ik dit stikje sit te skriuwen is it bûten noch hieltiid "beroerde" kâld. Toch mar moed hâlde it waar sil ienris wol feroarje. Oer feroarings sprutsen, de gemeente hat beammen oan de Grienewei en ek bij de feart del, omsêge. Dêr sil wol wat oan mankearre ha. It wie wol een keale boel, mar de gemeente had ek wer nije beammen -->

plantte. No hie dat hiel wat fuotten yn de ierde, foar dat de nije beammen wer yn de grûn stienne. Earst in gat grave, doe nije modder der yn, doe draineerbuizen yn de nije modder lisse en op it lêst de beammen plantsje en ek noch de âlde modder ophelje mei een frachtauto. Al mei al hat it in moai skoft duorre mar it liket al wer folle better ek al sille wij fuort gjin skaad krije fan de nije beamen.

No wol ik “master” Tolsma net mei een beam ferlykje (want oan him mankearret neat) mar oan syn wurk as master is een ein kommen.

Hij hat hjir 40 jier oan skoalle stien. Ik wit noch wol dat hij bij de fam. Johannes Blom oan de Langgrousterwei yn de kost wie. As hij siet te studearjen hie er it sicht op de Foekesjoerdsskoalle. Dat sicht had him fêst goed ta like, want hij is hjir net wer wei gien. Mar ik tink net dat er him ferfele sil. Hij hat genoch hobbys ,wij sil fêst noch wol ris wat fan him lêze hjir en der. No winskje ik jim een protte lêswille ta.

BCS.

De folgjende lêzers om ústens ha betelle:

J. Torensma, Waddinxveen
F. Tilkema, Elburg
F. Westra-Sikkema, Emmeloord
Y. Eelkema, Zaandam
M. Hiemstra, Wierum
S. Wijbenga, Marrum
M.H. van de Graaf, Poortugaal
R. Bierma, Marknesse
I.J. Hiemstra, Dokkum
S. van der Veen, Nes
J.F. Botma, Morra
R. Linthof, Drachten
J. Terpstra-Sikkema, Dokkum
Tresoar, Ljouwert
J. Zijlstra, Mitselwier
C. Lous, Velsen-Zuid
G. Linthof, Mitselwier

B. Terpstra, Ljouwert
G. Sikkema-Veenstra, Dokkum
W. Douma, Renkum
A.J. Sonnema, Kollumersweach
S. Sikkema, Kollumersweach
R. Weidenaar, Bûtenpost
D. Holwerda, Damwâld
R. Bosgra, Easterwâlde
M. Mulder-Dekker, Mantgum
H. Dijkstra-Brandsma, Kollum
D. Tilkema, Burgum
S. Elzinga, Ternaard
T. van der Ploeg-Postma,
Mitselwier
J. Bosgra, Meppel
S. Groenia, Dokkum
J.H. Kingma, Minnertsgea

Buertferienings:

Lou Sânen (2012)
Foeke Sjoerdsstrjitte (2013)
Doktersfiif (2013)

De Buorren (2012+2013)
Mûnwei (2013)
Nijbuorren (2012)

Ek ha we in bydrage krigen fan inkele ferienings: Sjong de Heare, UDI en Doarpsbelang. Allegearre hiel hertlik tank foar jim stipe!

TSG



BOARGERLIKE STAN



BERTENIJS

FIONA MARRIT famke fan Willem en Jelina Postma
suske fan Elona en Renata
berne 23 febrewaris , Grienewei 43

MARC jonkje fan Pieter Iedema en Anneke Bijland
broerke fan Thomas
berne 28 febrewaris, Grienewei 20

HOULIKSSAKEN

JAPPIE & HILDA DIJKSTRA-TORENSMA wiene
12 febrewaris **25 jier** troud. De Buorfinne 12

HARM & YPIE DIJKSTRA wiene 25 maart **30 jier** troud.
Mûnewei 16

FERHUZERIJ

NIJE BEWENNERS

Anneke

Mochten jim nijs hawwe foar dizze rubryk, belje of mail my dan efkes, it is sa maklik en jo hoege de doar der net foar út (info op side 1). In briefke yn 'e brievebus mei ek fansels.



Brassband UDI

Der is altyd wol wat te fertellen as it om UDI giet. Dan sil ik earst mar begjinne mei de ôfrûne tiid.

Nei ús konkoers yn Drachten koene wy in pear nije jeugdleden wolkom hjitte. Dit binne Amparo Boltjes op cornet, Eline Dijkstra op de alt-hoorn en Amarins Boersma op 'e bariton. Froulju, fan herte wolkom en wy hoopje dat jim' it tige nei it sin ha meie by UDI. De gemiddelde leeftyd fan UDI-leden giet hjirmei wer behoarlik nei ûnderen en dat is altyd goed, sa bliuwt ús korps takomst hâlden.

Op 8 desimber stiene wy mei in standsje op de Krystmerke yn it Doarpshûs, wêr 't wy banketstaven ferkocht ha. Ek hiene alle leden yn de wike dêroan foarôf in doaske staven mei nei hûs krigen om te ferkeapjen. Dit wie in goeie aksje en hat ús wer wat út de reade sifers helle. It wie wol wat spitich foar guon minsken dy 't op dizze merke kamen om efkes wat oaljekoeken by UDI te keapjen. Tsjja, dy hiene wy dus dizze kear net. It is nammentlik wol in protte wurk, jo moatte in "baklokaasje" ha en ferline jier hat it ús eins neat opsmiten. Dan betinke jo wat oars en dat wiene no banketstaven. Alle minsken dy 't ús los makke ha: tige tank. Wy hoopje dat it goed smakke hat.

Flak foar de Kryst ha wy wer mei lystjes by de doarren lâns west om de bestellingen op te nimmen foar Aldjiersdei. No dus wol oaljekoeken. Mar earst kamen de Krystdagen sels. Ek al waaide it fûl op Krystjûne, wy ha dochs mei in lyts ploegje de tsjerketoer yn west. It is altyd in hiele klim nei boppe (nei ûnderen is eins noch folle minder) en we binne der hast wei blaasd, mar it is wer slagge. De oare moarns reinde it noch al wat. Wy litte ús lokkich net sa gau út it fjild slaan en mei reinpakken oan en plastic poedsjes om 'e muzyk stiene wy om kertier oer seizen op Bollingwier. Ús fêste publyk wachtte ús al wer op, dan blaast it dochs wat noflikker. Wy binne diz' kear mar mei de auto's troch it doarp west

om net hielendal te ferreinen. Op 'e Lyts Ein stie by de famylje Liemburg (wer) in hearlike kachel foar ús te baarnen. Dêr hiene we bêst wol wat mear ferskes blaze wollen, mar ja... we moasten fierder. Rûn in oer as healwei achten wiene wy yn it Doarpshûs en dêr ha we in hearlik Krystmiel hân.

Om healwei njoggenen wie it oantrede yn tsjerke De Bining om de tsjinst te begelieden. Dêr koene we ek it lêste reinwetter út 'e toeters helje. It wie in moaie tsjinst en it earste optreden foar ús nije jeugdleden. Dy froulju ha harren mar goed red.

En dan is it samar wer Aldjiersdei en moat der bakt wurde. Lokkich koene we wer by de famylje Faber oan 'e Lyts Ein te plak yn 'e loads. En wat ha wy in protte oaljekoeken bakt en letter ek in protte komplimenten krige: se wiene hearlik!! No, dat wisten wy al, want we hiene fansels wol in foarpriuwke hân. By it besoargjen kaam de fraach wol gauris oft der ek "beestjes" yn sieten. Nee, wy hiene lekkere oaljekoeken sûnder "beestjes". Foar dyjingen dy 't it net (mear) witte: yn dyselde wike wie der in muzykferiening op tillefyzje west dy 't ek sa 'n aksje hie, mar dy oaljekoeken sieten beestjes yn. Wy kinne lokkich garandearje: wy brûke goed bakmoal en se wurde bakt mei in sûne doasis leafde, dus dat smakket altyd goed. Tige tank oan in elts dy 't oaljekoeken fan ús kocht hat, mar ek foar de giften. Ek tank oan Jan Wybren en Jolanda Faber foar it gebrûk fan loads en hiem.

Tusken alle aktiviteiten troch moast der wol repeteare wurde. Wy binne nei de Kryst drok dwaande west mei it stik "Parnassus" fan Jan van der Roost. Dit stik wie it ferplichte wurk op it NBK yn Grins ôfrûne novimber. Wy ha dêr net west te spyljen, mar fûnen it wol in útdaging om dit stik yn te studearjen foar it Federaasjefestival yn Anjum. Dit wie op sneon 9 febrewaris yn "De Dobbe". Oerdeis wie der in solistekonkoers wêr 't ek (jeugd)leden en learlingen fan UDI oan mei dien hawwe. En wat ha se blaast! Allegearre in protte punten helle en dêr binne wy as korps tige grutsk op. Easternijtsjerk hat op dit solistekonkoers twa wikselbekers bemachtige. De beker foar de bêste senioren-duo's wie foar "ús" Geartsje Weidenaar en Eele-Jan Bergsma. De beker foar de bêste senioren-solist wie foar Eele-Jan Bergsma. Noch fan herte lokwinske, wy binne grutsk op sokke blazers by ús korps. Mar dat jildt ek foar alle oaren dy 't meidien hawwe. Ik jouw it jo mar te dwaan om dêr efkes allinnich (as mei syn twaën) te stean en te spyljen foar in sjuery. De jûns wiene wy as tredde korps oan bar en wy ha ús goed hearre litten. De wikselbeker foar de bêste útfiering gie dizze jûn nei it korps fan Nijewier. Ek twa leden fan UDI binne lid fan Nijewier. No dan is it foar ús

ek feest. Dus nei it Festifal wiene wy te finen yn it Doarpshûs. Dêr stie Peet Kuiper foar ús klear mei dochter Pauline yn 'e keuken, sadat der foar ús wat te iten en te drinken wie. It wie tige gesellich en der wie ek seker wat te fieren mei ús goeie resultaten fan de hiele dei. Peet en Pauline, tank dat jimme sa midden yn 'e nacht noch foar ús klear stean woene.

De tiisdeitejûns dêrnei hiene wy ús jierfergadering. Dizze jûne wie ek de bestjoerswikseling. Annagreet Tilma gie út it bestjoer en Klarinda Kuiper kaam deryn. Annagreet, ek noch fanút de Skille hertlik tank foar al dyn wurk foar ús korps yn de lêste fjouwer jier. En fansels winskje wy Klarinda in protte súkses.

Nei de jierfergadering wie der ek in wikseling fan ynstrumint. Wieger Okkema, dy 't earst oan 'e 3^e kornet siet, hat no in euphonium. Hy hat efkes twa-trije wike net meispile om wat oan it ynstrumint te wennen. Mar no is hy der wer! Wieger, in protte wille en súkses op 'e euphonium.

Wy ha no wer allegear nije stikjes op 'e stander wêr 't wy op repetearje kinne. Der stiet eins net sa freeslik folle mear op it programma. Noch wol it begelieden fan in tsjerketsjinst yn Mitselwier mei in lyts kofjekonsert nei ôfrin fan 'e tsjinst. Dit sil wêze op 16 juny. Fierder komt it doarpsfeest deroan en ek UDI docht mei. Der is in lytse kommisje gearstalt foar it betinken en regeljen fan in fersierde wein. Dat wie it nijs foar dizze kear... yn in folgjende Skille mear!



MF



Aanpassing dienstregeling Arriva

Op 29 januari jl. hebben we een overleg gehad met provincie Fryslan over de nieuwe dienstregeling van Arriva.

Er waren nl. een fors aantal klachten over buslijn 52, aansluitingen en het verdwijnen van een aantal ritten, met name tussen 10.00 en 15.00 uur. Het overleg was positief. De provincie is dan ook bereid om de verbinding in onze regio te verbeteren en het overleg heeft geresulteerd in de volgende maatregelen:

- * Met ingang van 25.02.2013 is er een extra middagrit om 12.45 uur vanaf Dokkum, alleen buiten de vakanties.
- * Met ingang van 31.03.2013 wordt de tweede rit 's morgens naar Dokkum vervroegd met 17 minuten, vertrek uit Oosternijkerk 7.37, aankomst Dokkum 7.47, alleen buiten de vakanties
- * Met ingang van 31.03.2013 is er een extra middagrit om 18.45 uur vanaf Dokkum, buiten en tijdens de vakanties

Programma 30 april

- 9.00 uur Oranjeoptocht met muziek en drum door het dorp.
Een verkleedoptocht met prijzen voor de beste en mooiste uitdossing in het thema: koningshuis/oranje. Iedereen jong en oud kan meedoen of het nu wandelend, fietsend of op een gepimpte skelter of rollator is.
Na afloop is er voor de kinderen een oranjetraktatie.
- 10.00 uur Koffie met gebak en oranjebitter in de Terp.
De gebeurtenissen in Amsterdam kunnen gevolgd worden op een scherm in de Terp.
- 14.00 uur De inhuldiging in Amsterdam kan weer op het scherm in de Terp gevolgd worden.
- 16.00 uur Tobbedansen op het plein voor het dorpshuis.
- 17.30 uur Oranjabal in de Terp. Feestelijke en gezellige afsluiting met muziek van deze laatste Koninginnedag op 30 april.
- Voor de kinderen is er de gehele dag een klimglijbaan en voor de allerjongsten een ballenbad om zich in te vermaken.

Avondvierdaagse

Er is tussen de activiteiten van Koninginnedag en het dorpsfeest ook dit jaar weer een avond vierdaagse van maandag 13 t/m donderdag 16 mei a.s. Start dagelijks om 18.30 uur vanuit dorpshuis de Terp.

Dorpsfeest 27-30 juni 2013

Hierbij doen wij een oproep aan BHV-ers in ons dorp om 1 dagdeel op het dorpsfeest standby te staan voor evt. kleine ongemakjes of calamiteiten. Aanmelden bij Dieta Holwerda, tel. 242212.



Ben jij het nieuwe talent van Oosternijkerk?

Op de startavond van het dorpsfeest kun jij ons jouw talent laten zien. Ben jij die zanger, stand-up comedian, rapper, het nieuwe danstalent of heb je een andere verborgen kwaliteit, alleen of in groepsverband, laat het ons weten en geef je op vóór 20 mei bij Dieta Holwerda, tel 242212 of op dorpsbelang@oosternijkerk.com

En dan nog een herinnering voor buurten die zich nog niet hebben opgegeven. Opgave versierde wagens en buurten kan bij Janneke Themmen, bij voorkeur per e-mail naar pmthemmen@hetnet.

We hebben op de website van Oosternijkerk een kopie "dorpsfeest 2013". Hier zullen we de komende weken alle programma-informatie, activiteiten, prijzen, kaartverkoop etc. vermelden en natuurlijk hebben we als dorpsbelang ook een facebookpagina, waarop we info zetten. Wordt daarom snel onze vriend op facebook.

Omdat we dit jaar een thema FILM hebben zou het mooi zijn dat **versierde wagens** ook in dit thema gemaakt worden, maar het is **geen verplichting!**

Dorpsfeest Oosternijkerk 27-30 juni 2013

Thema : Film

Voorlopig Feestprogramma



Donderdagavond

- 18.30 uur : muziek en drumband door het dorp.
- 19.30 uur : Startschot Dorpsfeest met het oplaten van ballonnen bij Dorpshuis de Terp door alle kinderen uit het dorp.
- 20.30 uur : Oosternijkerk 's Got Talent in de Feesttent

Vrijdag

- 9.00 uur : Start optocht versierde wagens
- 14.00 uur : Keatsen op het sportveld
- : Circus voor groep 1 t/m 8 op het feestterrein, de kinderen gaan die middag zelf in groepen een circusact instuderen en om 16.30 uur geven ze een circusvoorstelling
- 19.00 uur : Disco in de feesttent
- 21.00 uur : Sfeerband BUTTERFLY in de feesttent

Zaterdag

- 8.30 uur : Dorpsontbijt in de feesttent
- 9.30 uur : Koffie drinken met de Seefûgeltjes uit Holwerd
- 11.00 uur : Matinee met orkest Sunshine
- 14.00 uur : Zeskamp
- 16.30 uur : Prijsuitreikingen op het feestterrein
- 19.00 uur : Optocht versierde wagens door het dorp
- 21.00 uur : Topband STAGELINE in de feesttent

Zondag

- 10.00 uur : Kerkdienst met mmv Our Choice en aansluitend koffiedrinken

De feestgids met het volledige programma en nadere informatie ontvangt u in mei in de brievenbus!

Notulen van de jaarlijkse ledenvergadering van de Vereniging voor Dorpsbelanen Oosternijkerk, gehouden donderdag 14 maart 2013

Voorzitter Dries Faber **opent** na achten de jaarvergadering en heet een ieder van harte welkom. Er is een flinke opkomst deze avond en er worden dan ook 2 tafels en 10 stoelen bijgezet. Namens de politieke partijen is met kennisgeving afwezig mevr. Klinkenberg van de PvdA. Aanwezig zijn: P. Damstra VVD, E. Meinsma FNP, Mevr. J. Godijk en Veenstra uit het bestuur van de Christen Unie.

De **notulen** van de ledenvergadering van 2012 liggen op tafel en hebben in de Doarpsskille gestaan. Aangezien een aantal punten terugkomen in deze vergadering worden de notulen niet voorgelezen. Er zijn geen vragen meer naar aanleiding van de notulen.

Jaarverslag: Middels een powerpointpresentatie met foto's vertelt Dieta Holwerda waar het bestuur zich het afgelopen jaar voor heeft ingezet. Naast de diverse activiteiten die het bestuur georganiseerd heeft, is er met name aandacht en inspanning geweest voor verkeersveiligheid en overlast aan de Ald Tun en inrit Oosternijkerk vanaf Paessens Moddergat. Het Project Steiger in de vaart is afgerond en er is een nieuw project Historische bordjes opgestart. Het bestuur is begonnen met de voorbereidingen voor het dorpsfeest in 2013 en heeft diverse bestuurlijke en organisatorische werkzaamheden gedaan, waaronder overleg met jeugdthonkbestuur, zorgverzekeraar de Friesland, overleg met clusterdorpen en het werkbezoek van B&W op 11 december 2012.

Financieel verslag:

Het financieel verslag ligt ter inzage op de tafels. Het is helemaal duidelijk, er zijn geen vragen over. De kascommissie bestaande uit Geert de Graaf en Aad Stolk hebben het financiële reilen en zeilen van het dorpsbelang en Ooster@ gecontroleerd. Geert de Graaf complimenteert penningmeester Dieta die het allemaal keurig voor elkaar heeft. Voorzitter Faber bedankt Geert de Graaf voor twee jaar controle. Volgend jaar zullen Aad Stolk en Jannie Weidenaar de kascontrole doen.

Bestuurssamenstelling: Siemen Weidenaar heeft het bestuur verlaten omdat hij verhuisd is naar Aldeboarn. Jelle Wagenaar heeft zijn plaats het afgelopen jaar ingenomen en is een waardevol bestuurslid.

Mededelingen:

* Groencommissie: Christiaan Miedema neemt het stokje over van Peter Liemburg. Christiaan licht toe, dat het op dit moment niet goed duidelijk is, wat de taken zijn van onze groencommissie. We hebben nu 4 bossen en de communicatie met Landschapsbeheer en Staatbosbeheer is lastig. Er is inmiddels tussen deze partijen vergaderd en wij krijgen hiervan binnenkort een verslag. Het Skoallebosk en reedridersbosk vallen onder de Groencommissie. Het zou mooi zijn dat er een nieuw lid bij kwam in de commissie. Van der Weij biedt zich aan, hij is wel bereid om Christiaan te ondersteunen.

* Aanpassing programma 30 april. Voorzitter Faber vertelt dat we dit jaar ivm de activiteiten in Amsterdam een tv en een scherm in het dorps huis hebben waarop de activiteiten te volgen zijn. De autopuzzeltocht zal dit jaar niet doorgaan, omdat we verwachten dat er geen grote opkomst zal zijn. Om 16.00 uur willen we de inwoners weer naar de terp trekken. Er is dan tobbedansen op het plein voor het dorps huis en we hopen er met z'n allen een gezellige middag en avond van te maken.

* Dorpencluster: Freerk Ids de Beer gaat namens ons dorp naar de vergaderingen van het Cluster. Het Dorpencluster is nieuw leven in geblazen. Het doel is om onderwerpen bespreekbaar te maken die alle dorpen raken, zoals verkrotting, bushokjes, verlaging van het fietsbruggetje en het aanleggen van het fietspad bij Meinsma. Stand van zaken is nu, dat de subsidie is toegekend door Plattelansprojecten voor verlaging van de brug en het aanleggen van een fietspad bij Meinsma. De formele toezegging voor cofinanciering door de gemeente is nog niet binnen.

Er komen klachten dat het fietspad weer vies is, we houden vinger aan de pols. Dhr. E. Meinsma geeft aan, dat we, zodra er geconstateerd wordt dat er viezigheid is, Wijkbeheer moeten bellen. We spreken af dat iedereen die iets constateert dit meteen doorgeeft aan het dorpsbelang, die dan vervolgens actie onderneemt.

* Woningbouw Lou Sanen fase II

Zoals iedereen weet, is er weinig activiteit geweest. In april wordt er weer naar de grondprijzen gekeken. Er is positief nieuws, waarschijnlijk wordt dit jaar de eerste woning gebouwd.

* Historische Bordjes: Namens de commissie neemt Reinder Tolsma het woord. Hij vertelt dat Tirza v.d. Velde initiatiefneemster is en contact gezocht heeft met Reinder. Vervolgens hebben ze contact gezocht met het dorpsbelang die enthousiast waren over dit initiatief. Tirza en Reinder zitten samen met Aukje en Jelle uit het dorpsbelang in deze commissie. In september 2012 zijn ze gestart met het uitzoeken van geschikte foto's. Op de Boate Hoek en op de hoek Buorren en Foeke Sjoerdsstrjitte is de wens van een zuil met 4 foto's, daarnaast willen ze op nog 5 plaatsen een bordje met 1 foto. De plannen zijn klaar. De tekeningen liggen er en Klaas Haaksma is bereid de zuilen te maken. De kosten vallen ook enorm mee. Het wachten is even op de gemeente, wethouder P. de Graaf. Veel dorpen zijn met dit initiatief bezig en de gemeente wil graag eenheid, dus het is afwachten op bericht dat deze maand van de gemeente komen zal.

* Snelheidsremmende maatregelen / inritten vanaf Nes en Paessens Moddergat. We willen aan de Ald Tun dat het wegdek onderhoud krijgt en snelheidsremmende maatregelen. Deze wens is er al jaren. De gemeente heeft altijd de boot afgehouden en gezegd pas maatregelen te nemen als het wegdek aan onderhoud toe is. Naar onze mening is het nu aan onderhoud toe, we doen daarom onze best om met de Ald Tun en met wellicht enige ondersteuning van de NAM de gemeente te bewegen om actie te nemen. J. Dijkstra van de Ald Tun licht toe dat de gemeente al 3 keer een vergoeding van de NAM heeft ontvangen voor beschadigingen aan het wegdek, maar dat de gemeente dit nog nooit geïnvesteerd heeft in het onderhoud aan de weg. De bewoners van de Ald Tun hebben veel last van hinderlijke trillingen.

Aan de Langgrou is er een wens om een stoep tot het Holland Crop terrein aan te leggen. De bewoners hebben aangegeven bereid te zijn met zelfwerkzaamheid de stoep aan te leggen als de gemeente het materiaal ter beschikking stelt.

* Dorpsfeest 2013, voorlopig programma. Voorzitter Faber vertelt hoe het programma er uit zal zien. We hebben een aantal nieuwe elementen in onze traditionele programma toegevoegd. Op de startavond beginnen we met Oosternijkerk 's got Talent. Er zijn dit jaar geen spelletjes voor de kinderen van de basisschool, maar er komt een circusschool. De kinderen gaan in groepen een act instuderen en geven vervolgens aan het eind van de middag een circusvoorstelling. Op

vrijdag avond is er een disco voor jongeren, voordat de sfeerband Butterfly optreed.

Op zaterdag morgen willen we beginnen met een dorpsontbijt, dit gaat over in koffiedrinken met de seefûgeltjes uit Holwerd en vervolgens in een matinee met orkest Sunshine.

Sjerk Faber vraagt of het ook mogelijk is om na de optocht op vrijdagmorgen iets te organiseren in de tent. Voor mensen die geen kleine kinderen hebben, die dan 's middags op het feestterrein moeten zijn, is er na de optocht lange tijd geen activiteit. We besluiten daarom om Soep en broodjes te regelen in de feesttent, zodat er een gezellige nazit is na de optocht voor de liefhebbers.

Rondvraag:

Elly vraagt of bekend is wie er brand gesticht heeft in de vuilnisbakken in het bosk. Dit weten we niet. Ze geeft aan dat er te hard gereden wordt en heeft overlast van hûnepoep.

Er komt bijval over de overlast die de hondenbezitters geven. Er wordt geopperd om palen met poepzakjes te plaatsen en dat het dorpsbelang een brief schrijft aan alle honden bezitters. Voorzitter Faber wijst dit van de hand. Het bestuur van het dorpsbelang is geen politie en wil geen inwoners op dit soort zaken aanspreken. Het is ieders eigen verantwoordelijkheid om hondenpoep op te ruimen en inwoners kunnen zelf ook andere dorpsbewoners aanspreken als ze de hond uitlaten en dit niet opruimen. We kunnen hooguit nog eens een opmerking hierover in de dorpskilde zetten.

Mevr. Walda stoort zich aan het bushokje op de Grienewei. Freerk Ids de Beer geeft aan dat er in de gemeente een test is met een aantal hufferproof bushokjes. Deze test wordt afgewacht, het cluster is hiermee bezig.

Tsjerk Faber merkt op dat hij een artikel gelezen heeft over een dorp die jaarlijks terugkerende inkomsten heeft uit bepaalde initiatieven. Het is wellicht ook een idee voor ons dorp zegt hij. Wie een idee hiervoor heeft kan dit melden bij het dorpsbelang.

Sluiting

De voorzitter sluit de ledenvergadering om 21.30 uur en bedankt de aanwezigen voor zijn en haar inbreng.

Na de pauze is er nog een film getoond uit 1980-1981.



Peuterspeelzaal
De Berneijster

De kinderen zijn de laatste tijd bezig geweest met het thema "Winter". Er werd volop geknutseld en gelezen rondom dit thema. Na de voorjaarsvakantie gaan de peuters bezig met het thema Lente. Er zijn al twee lammetjes op bezoek geweest. Dit was een groot succes. Ook staan de centrale prentenboeken weer centraal. Elke dinsdag krijgen de peutertjes weer leuke boekjes mee naar huis. Vanaf 1 maart zal Froukje nu ook op de woensdag helpen bij de



peutertjes. Froukje is al een bekend gezicht voor de kinderen op de dinsdag en de donderdag.

De oudste groep gaat 5 maart naar de bibliotheek. Hier worden ze voorgelezen uit het prentenboek van het jaar. "nog 100 nachtjes slapen". Daarna gaan ze nog een activiteit met de kinderen doen. Dit is

altijd een groot succes. Voor het afscheid voor meester Talsma hebben de kinderen kun handjes gekleurd, Juf Afke heeft deze op een a- 4je geplakt.

In de oudercommissie heeft een bestuurswisseling plaatsgevonden. Allete Keegstra gaat eruit en Boukje van der Hout komt de oudercommissie versterken.

Kijk ook eens voor verslagen en foto's van de peuters op de website van de Bernejster. www.foekesjoerds-pcbodongeradeel.nl

Voor vragen kunt u altijd contact opnemen met juf Afke Jongeling 0519.24.19.18.

Tijden jongste peuters:

Maandag 8.30-11.00

Woensdag 8.30-11.00

Tijden oudste peuters:

Dinsdag 8.30-11.00

Donderdag 8.30-11.00

Wie eens eens een kijkje wil komen nemen bij de Bernejster is van harte welkom!!!

Sparje

By it oprûmen fan it laad seach ik se wer stean, twa bakkebussen fol mei segels. Dy steane dêr al jierren. Ien of twa kear wyks komt fan de ien it deksel en dan komt d'r wer in segeltsje by. Douwe Egbertssegels, of punten moat ik eins sizze, ha we it oer. Dat giet al jierren sa. Wat ha ik al faak fan de bern heard dat ik dy punten ek wol fuort smite koe, ik dy d'r ommers dochs neat mei. Nee, dat is sa net, krieggen se dan te hearren, jierren lyn hie ik al in kear nei de winkel yn Joure west en dêr punten ynwiksele foar it ien of oar. En dêr hie ik ek jierren oer dien, dus sa hurd giet it sparjen net. It sei harren neat, d'r wiene no wol safolle punten, wy koene dêr wol trije kofjesetapparaten foar krije. Je soene it sels hast leauwe, no ja, gjin trije fansels, mar miskien ien kofjesetapparaat? Dat soe moai wêze, mar djip yn myn hert wist ik better, dat koe net. Al mei al kaam it mei dêr troch dat ik it tellen fan de punten hieltyd útstelde, it soe wol smoarch ôffalle. Mar dêr stiene de beide bussen en ynienen krieg ik de geast. Telle, ik woe it no wol ris witte. Lokkich wie der in bern thús en dy wie ek nijsgjirrich.

Ja, wy bin in sunich folkje wurdt d'r wol sein en ik moat sizze dat sparjen is ús ek wol bybrocht. De Douwe Egbertspunten knip ik al út salang ik knippe kin en eartiids sparren wy thús ek noch de segels fan de bûterpakjes, Zeeuws Meisje. Se sieten oan de sydkant, koest se d'r sa ôfknippe sûnder fette fingers te



krijen, mar ast letter de segelstjes telle woest krigest dochs smoarche hannen en se rûkten ek altyd nei... ja wat, âld fet miskien. Watst foar dizze segels krije koest wit ik net mear. Ek dizze segels ha wy jierren sparre. Dat ha ik sels net troch set, miskien wol fanwege de fettichheid. Hjoed oan de dei kin we ek noch foar fan alles en noch wat sparje. By in soad winkels. Fikse koartingen wurde ús tasein as we mar wer werom komme. Meastal lit ik my omprate, foaral as ik tink dat ik dêr fêst wol wer kom. No dan krijst in klantenkaart en dy triuwst yn de tas, hy soe eins yn de beurs moatte, mar dêr sit al safolle yn. Kin letter wol. Faak komt dat d'r net fan en ast dan nei moannen wer yn sa'n winkel komst en se freegje dy: "Ha jo ek in klantenkaart?", moastst sizze: "Jawol, mar dy leit thús". Eins smyt it net faak wat op. Do hast de boel net by dy, as de aksje is al wer oer. Miskien bin ik ek wol net fûl genôch of te maklik. Nee, dan dy froulju út Amearika dêr't ik lesten wat fan sjoen ha op 'e tillevyzje. Dy wiene sa fûl as in foarke. D'r wie ien by dy't hast oars neat die as bonnen fersammelje en útknippe. Se wie d'r eltse dei seis oeren mei dwaande. Sy sparre foar koarting op iten en drinken. No is alles yn Amearika grutter en oerdwealsker, sa komt it wol oer yn alle gefallen, sa ek dit: sy sparre net foar 'ien helje, twa betelje' of 'de twadde foar de heale priis', nee it gie om in krat- of doasfol. As de frou genôch bonnen hie, gie se mei har bern nei de supermerke, se pakten elts in winkelkarre en dan waard allinnich dat guod pakt dêr't se foar sparre hie. It wie noch in hiel georganisear, se moasten wol de goede dingen pakke. Dan yn optocht nei de kassa en dêr moast alles oanslein wurde. Se kamen út op in bedrach fan wol 900 dollar. Mar doe kaam it: de frou

helle har bonnen foar't ljocht en ek dy waarden skend. It wie even hiel spannend, soe se it goed dyn ha? Mar de teller gie flot nei ûnderen en úteinlik bleaun d'r in bedrach oer fan miskien 30 dollar. Stjerrrende wier. Thús hie se in garaazje fol mei guod. Kreas op stellingen set, pakken koekjes, tubes tandpasta, blikjes drinken, pastaguod, it like wol in winkel. Se koe mei guon produkten moannen foarút en miskien wol jierren. Bêst genôch, mar je krije op 't lêst je nocht wol fan altyd mar wer deselde koekjes of itselde drinken. No ja, sels mar witte.

Hawar, wy soene punten telle. De bussen oer 'e kop en it koe heve. Under yn ien fan de bussen sieten al bundeltsjes kofjepunten mei in elastykje derom, sjoch dêr, we hiene it al earder besocht. Guon elastykjes wiene stikken gien, sa âld wiene se en d'r stie ek net by hoefolle punten in bundeltsje wie, dus alles mar wer telle. It foel ta, in oerke letter wie it klear. We hienen sa'n achttjintûzend punten. Net dat it neat wie, mar ik hie eins ek gjin idea wat je d'r krekt mei koene. Lang leve it ynternet, dêr kinst alles op fine. Sa ek de wearde fan Douwe Egbertspunten. Tûzend punten is 5 euro, dus elke punt is in heale eurosint. No sparje ik de lêste jierren allinnich noch mar teepunten, wy drinke oare kofje, en wyks drinke wy sawat 2 pakjes, dat is 8 punten. Dat hâld dus yn dat wy wyks 4 eurosinten sparje. Leave sântjin, ik stean d'r sels fan te sjen, al jierren sparje wy dus mei dizze punten 2 euro per jier. Earder ha we mear punten wyks sparre fansels, oars hiene we noait oan safolle punten komme kint, mar dan noch it hâldt net oer. Miskien moat we dochs wer oan de kofje, want hjir sit gjin avesasje yn. Of d'r gewoan mei ophâlde, it is gek oanstekkerij. Ja, wês earlik. Lit de bern it mar net lêze, dan ferklearje se my hielendal foar gek. Better is it om alle wiken 2 euro yn in potsje te goaien, ha je oer 15 of 20 jier yn alle gefallen in leuk bedrachje. Mar ik tink net dat ik it kin, gjin DE-punten mear sparje, dat sit d'r ynbakt, learst it net wer ôf. Earlik sein, it deksel hat al wer in pear kear fan de bus ôf west, sstt fertel it mar net fierder!

AWB

Op'e kofje bij.....Reinder Tolsma

Jierren lyn is Reinder Tolsma de rubryk "Op 'e kofje by..." begûn. Hy brocht doe ferskate besykjes oan jonge en âlde Nijsjerksters wêr't hy – as redaksjelid – ferslach fan útbrocht yn'e Doarpsskille. Om't Reinder 1 maart jl. - nei 40 jier! - ôfskie nommen hat fan'e Foeke Sjoerds Skoalle woe de redaksje fan De Doarpsskille graach ris by him op 'e kofje.

Jonge jierren

Reinder is hikke en tein yn Lollum, heit wie timmerman. Nei de legere skoalle hie d'r graach mei de oare jonges út'e klasse nei de ambachtsskoalle gien, mar mem stuts d'r in stokje foar. It learen gie him maklik ôf en Reinder koe wol nei de ULO. Yn'e frije tiid waard d'r fuotballe, keatst en aaisocht. Doe't Reinder in jier as 15 wie, koe d'r sneons oan't wurk yn it suvelfabryk fan Tsjom. Tsiisdoek yn'e tonnen dwaan, sa'n 360 stiks yn't heal oere en middeis tsiizen keare. Ek mocht d'r graach stikken skriuwe yn'e Boalsserter Krante, elke regel waard betelle, dus hoe langer it stik, hoe mear at de fertsjinsten wienen. It fertsjinne jild waard útjûn oan boeken en oan de brommer. Reinder gie d'r graach op út, hy reizgje troch de hiele provinsje op syn brommer. Nei de ULO moast d'r fierder leart wurde en om't Reinder himsels net op in kantoar seach, foel de kar úteinlik op de kweekskoalle yn Snits. It diploma waard behelle yn juni 1972. Om't it dreech wie om in baan te finen, koe Reinder earst wer oan it wurk op it fabryk. Nei't d'r sa'n 15 sollisitaasje-brieven de doar útgien wienen, kaam d'r einliks in reaksje. Reinder mocht in proefles jaan yn Easternijsjerk. Dit hat goed foldien, want op 4 jannewaris 1973 koe d'r oan'e Foeke Sjoerdskoalle begjinne.

Om't Lollum te fier reizgjen wie, waard d'r in goed kosthûs socht yn Nijsjerk by de famylje Blom. Yn de oanstellingsbrief skriuwe Aant de Vries soks as: "Het gekakel van de kippen zal u 's ochtends vrolijk wakker maken". De famylje Blom hie nammentlik sa'n 200 hinnen!

Yn desimber 1973 bin Reinder en syn frou Joke op'e Lyts Ein te wenjen kaam. Foar Joke wie it earst wol wennen yn Nijsjerk.

40 jier yn tsjinst fan'e âlders

Reinder kaam op skoalle yn in mannewrâld telâne. Master Wiersma stie foar klasse 5-6, Bote Hazenberg foar klasse 2 en 3, Tom Zijlstra klasse 1 -2 en Reinder hie klasse 4 en 5. Juffer Sytske Westra joech

hantwurkles. D'r sieten doe sa'n 120 bern op skoalle, de beukers net meirekkene.



(1974 f.l.n.r. Tom Zijlstra, Reinder Tolsma, Bote Hazenberg, Master Wiersma)

It ynwurkjen troch foargonger Machiela bestie út in pear mûnlinge oerdrachten, sa as wêr't de boeken en de skriften leinen en ek waarden d'r in pear bysûnderheden fan'e bern fertelt. Fierder mochten je it sels útsykje. Healwei de earste dei foel it net ôf, mar doe't Reinder dat oan master Wiersma fertelde, murk die op dat it de keunst wie om it sa te hâlden....

De earste dei op skoalle hie frou Blom sein dat sy om tsien oere de kofje wol klear hie, Reinder koe dan wol efkes by har om kofje komme, want master Wiersma gie ek altyd nei hûs te kofjedrinken. Sa barde dat ek, mar doe't Reinder nei it skoft wêr op skoalle kaam, waard d'r daliks frege wêr't hy west hie. Master Wiersma gie wol efkes nei hûs ta om de post op te heljen, mar kofjedrinke dienen se op skoalle!

De spesjalisasje yn gymnastyk op de kweekskoalle soarge d'r foar dat Reinder de gymnastyklessen foar syn rekken naam. Ek de lessen fan master Wiersma – dy't gjin foech hjirfoar hie – naam hy oer. Neist de skoalle wie genôch romte om te sporten, d'r bin wol keatswedstriden west en it buertvolleybaljen is hjir holden. D'r wie sels in sânbak om it fierspringen te oefenjen foar de sportdagen. Ien kear yn'e wike wie d'r swimles yn it bûtenbad yn Dokkum. Reinder gie dan mei in stik of 60 bern op paad, sûnder fierdere begelieding.

As jonge ûnderwizer - krekt fan 'e kweekskoalle - naam Reinder ek wol de foarstap om fernijings te bringen yn 'e Foeke Sjoerds Skoalle. Sa hat hy d'r mei foar soarge dat d'r lessen "handenarbeid" kamen en hat hy in eigen metoade betocht om de bern spelling te learen. De ynspeksje wie ûnder de yndruk fan 'e stinsels. Letter is it dokumintaasjesintrum mei troch him opset.



(1995 dokumintaasjesintrum)

Persoanielsgearkomsten hienen se yn die tiid noch nea fan heard, mar nei "in Skanser rûntsje" wêr't de skoalhaden út 'e regio byelkoar kamen, moast it mar wurde. No binne dat soarte fan gearkomsten hiel gewoan, mar de earste kear wisten hja net wat de bedoeling wie en wat d'r feitliks beprate wurde moast. De skoalle is yn Reinders tiid trije kear ferboud wurden. Yn 1985/86 kamen de beukers d'r by. De bern hienen doe les yn de (te) lytse seal fan it Herfoarme Gebou, de boppeseal fan 'e Terp en yn de Efterdoar. Yn 1992 wie renovaasje oan flierren en dak nedich en waarden de bern ûnderbrocht yn trije wenhûzen oan de Nijbuorren. Yn it skoft waarden de diken ôfset mei stekken, sa't de bern op 'e dyk boartsje koenen. Yn 2003 hat de lêste grutte útwreiding west, wylst mei de komst fan de bern út Nes yn 2007 noch in lokaal byboud waard.



(1993 It persoaniel bij it 125 jierich bestean fan'e Skoalle)

Wat is d'r feroare?

